

Brykfrysk

Dat is in list fan Frysk dat net alhiel/ alhiel net doocht.

Werom nei: [Nederlands](#).

* Nei ' folget de klam.

BRYKFRYSK	FRYSK
aldêr	dêre
âlders	âlden
althans	teminsten
beiden	beide (Mar wol: fan beiden, mei ús beiden ensfh.)
beneden	ûnder
beskadigje	skânsearje
beskeadigje	skânsearje
betekenje	betsjutte
bezig	dwaande
bijna	be'nei*
binnenshûs	yn 'e hûs
blij	bliid
bliuwe: De sinne bliuwt noch skinen	De sinne skynt noch wol efkes
bliuwe: Hy bliuwt mar kommen	Hy komt hieltyd/hieltiten noch
Bliuwst hjir sliepen?	Bliuwst hjir te sliepen?
bliuwt reinen...	reint troch - Mar wol: bliuwt stean, sitten, lizzen
bliuwt stekken	bliuwt stykjen
bloede	bliede (- blette - blet)
bloedzje	bliede (- blette - blet)
boas	lilk/lulk - Mar wol: in boaze fekke
boppe, nei/fan ~	nei/fan boppen
bot	de bonke; it bien
botbreuk	brutsene bonke
boven	boppe
bruloft	brulloft
bruts	briek
buorren	buorlju
burd (de)	it burd
dan, mear ~	mear as
deksel	lid

der gjin trek yn hawwe	der gjin sin oan hawwe
<i>der</i> ien pakke	ien pakke
der: dat binne <i>der</i> tsien	dat binne tsien
dik	grou, tsjûk / tsjok
docht leauwen	lit leauwe
duts	diek
echt net	wier net
ek hjir ..	hjr [..] ek
fan 'e jûn	jûn
fanôf ..	fan [...] ôf
fanút	út [...] wei
fanút (Grins sjoen)	út (Grins) wei (sjoen)
fergisse	fersinne
fergissing	it fersin
ferlyfd	fereale
fersinsel	optinksel
ferwenne	bedjerre
fierút	fierwei
flys	flues
foarbereide	tariede
foarwaarde	betingst
folle	in protte / in soad
fouwe	teare
fuortbliuwe	weibliuwe
fuortoan	tenei
[wy ensfh.] gean swimmen ...	sille/wolle swimme; begjinne te swimmen [...] - Mar wol: gean stean, sitten, lizzen
gearwurking	oparbeidzjen
gearwurkje	oparbeidzje
gelyk2	daliks
getuge	de tsjûge moat tsjûgje
giest mei my 'mei?	giesto mei my?
giest mei swimmen?	giest mei te swimmen?
giet elke wike boadskippen dwaan	docht elke/eltse/ wike/ alle wiken boadskippen; giet alle wiken te boadskipjen
gille	raze
graach dien	mei alle wille
grau	skier
griis waar	skier waar
grypprik	gryppjuk / grypprip
hakke (in beam)	kapje

haw ferjitten	fergetten
haw mjitten	metten
hee sis!	hee ju!
helaas	spitigernôch
helemaal	hielendal
helpe [lûken]	helpe te [lûken]
helpe [ôfwaskjen]	helpe [ôf] te [waskjen]
hiel erch	tige slim
hitte	de hjitte, hite
hoechst net dêr te bliuwe stean	[...] dêr stean te bliuwen
hun	har
hun: Dat hûs is fan hun beiden	It hûs is fan harren tegearre
hun: Dat is hun hûs	Dat is har hûs
hurde muzyk	lûde muzyk
hurde stim	lûde stim
hy fersint yts	hy betinkt wat
Hy soe sich moatte skamje	Hy soe him skamje moatte
ik bin west	ik haw west
ik fergis my	ik fersin my
Ik gean it oanpassen	ik pas it oan
ik haw it kâld	ik bin kâld
ik hie graach	ik soe graach wolle
in moaie	in moaien[ien]
in nije keapje	in nijen[ien] keapje
it bosk	de bosk
it falt mei	it falt ta
it falt tsjin	it falt ôf
It giet reinen	it wol reine
it oere	de oere
jitizer	getten izer
kaam heljen	kaam om te heljen
kâlde (de)	de kjeld
kermis	merke
keuze	kar
koazen	keazen
kom stimmen	kom te stimmen
komme: As se ús heljen	As se komme om ús te heljen
komme	
komme: dat ik it lit komme	dat ik it komme lit
komme: dat ik it wol litte	dat ik it komme litte wol

komme	
langsum	stadich
learzen	learzens
leefberheid	leefberens/ better: libbenstier
leid ('geleid')	laat
leide ('leiden')	liede
lêtste	lêste
leuk	aardich
levendich	libben
lied ('geleid')	laat
likstien	slikstien
luier	ruft
luts	loek
lytsbern	bernsbern
maand	moanne
mandsje	kuorke
markt	merk
mear dan	mear as
mei dy mei	mei dy
mei name	benammen
mei namme	benammen
meibringe	meinimme
meimeitsje	oan meidwaan, (mei)belibje
Men soe sich moatte skamje	Men soe jin skamje moatte
merke	merk
mist	damp
moatte komme wurkje	komme moatte te wurkjen
mole	ek: mûne
nauwelijks	kwealik
nei beneden	nei ûnderen, omdel
nei beneden	nei ûnderen, omdel
nei boven, nei boppe	nei boppen
nei gean tinken	begjinne nei te tinken
neiteam, it ~	de neiteam
netsjes	kreas
nevelich	dizich
nocht yn	nocht oan
nochter	nochteren /nofteren
nuchter	nochteren/ nofteren
oait/ noait	in kear/ ea / nea
oanreitsje	oan komme

oerflakte	oerflak
oernij	op 'e nij
ôfkear fan	wjeraksel yn/oan/tsjin
om te litte dwaan	om dwaan te litten
omfier smite	omsmite, oer de kop smite
omgeving	omkritten
omjouwing	omkritten
onlangs	okkerdeis, -wyks, -jiers
oogste	rispje, winne, dolla
opdat	dat
opfoeden	opbrocht
pamper	pruft
piip/ broekspiip	bokse/ broeksbokse
poaters	setters
poging dwaan	besykje
prettich	noflik
prikke	pjukke / prippe
ridskip	ark
roaie	roegje
roaie	dolla
ruts	riek
sa as	lykas
sa yts	soks(sawat)
sadat der misferstannen ûntsteane	sadat misferstannen ûntsteane
samen	mei-inoar; tegearre [= twa]
samen wenje	tegearre wenje
seve	silje
sich	[hy] him, [sy, hja] har, [men] jin
sin yn	sin oan
skaatse	reedride
skeef	bryk
skerf	diggel
skieden	skaat
skiedet	skiedt
skutting	it sket
sleutel	kaai
sliden, hy hat der 1000 ferkocht	sliden, hy hat der 1000 fan ferkocht
slikke	slokke
smelte	rane

snel	hurđ, gau
sneller (earder)	gauwer
sommige	guon
sommigen	guon
sop (de)	it sop
speeksel	flibe
spruts	spriek
stâl	bûthús
steeds	oanienwei
steeds	hieltyd / hieltiten
stolle	stjurje
syl2 (op skip)	seil
ta de nok fol	ta de naal fol
tak	tûke
te weinich	temin
telkens	hieltyd / hieltiten
tevens	tagelyk
tot	oant
trap	trep/ treppen
trek yn	sin oan
troast	treast
ûnderfuort	ûnderwei
ûnderút	foar wei
ûnderút kinne	foarwei kinne
ûngetwiveld	sûnder mis
ûntanks	nettsjinsteande
út lozjearen	útfanhûs
útgean (feest)	fuortgean
uting	utering
uze (doarpen, stêd)	ús
uze minsken	ús minsken
weinich	net folle
weinig	in bytsje, mar in pear
werkende him net	koe him net (om)
werkénne - ik werkén dy net	wérkenne, weróm kenne - ik ken dy net
wolken	wolkens
wûne	smertlape
wy geane ite	wy sille ite
yts	wat; in bytsje

